

70 JIER NEI KNEPPELFREED FALT DER FOAR IT FRYSK NEAT TE FIEREN

Op 16 novimber fan dit jier fierde Pier21 yn ko-produksje mei De Harmonie yn it paleis fan justysje te Ljouwert ta gelegenheid fan it 70e jubileum fan Kneppelfreed it toanielstik Kneppelfreed op. De foarstelling hie de foarm fan in bysûndere rjochtsaak dêr't de Fryske taal en de Fryske identiteit yn terjochtsteane. By dy foarstelling wiene ek mear as 20 tolken fan de Oarder fan Registertolken en -oersetters oanwêzich.

Op papier is der foar de Fryske taal en identiteit in protte feroare sûnt 1951, doe't sjoernalist Fedde Schurer him yn it Paleis fan Justysje ferantwurdzje moast foar in haadredaksjoneel artikel, dêr't er him útsprik tsjin it ferbod om Frysk yn 'e rjochtseal te praten. Doedestiids waarden der bûtendoar kneppels, motorfytsen mei sydspan en wetterkanonnen ynset om de demonstranten te bestriden.

Dat wie it begjin fan de emansipaasje fan it Frysk. Yntusken wurdt de Fryske taal beskerme troch wetten lykas it Hânfêst fan regionale talen en it Ramtferdrach fan Straatsboarch, en tagelyk de Wet gebrûk Fryske taal en fansels troch de anty-diskriminaasjebepalings lykas kêst 1 fan de Grûnwet en kêst 14 fan it Europeesk ferdrach ta beskerming fan 'e rjochten fan 'e minske.

Taalrjochten binne yn de Europeeske Uny bûtengewoan wichtich, om't se ek in garânsje binne foar de Europeeske yntegraasje. Benammen nei it etnyske esjek fan Joegoslaavje wiene taalrjochten in wichtige betingst foar

Europeeske yntegraasje. Dat is problematysk as taalrjochten net neilibbe wurde, omdat it unike ferskate karakter en de ynklusive identiteit fan de Europeeske Uny ferdizenje sil as de taal en identiteit fan autonome minderheden net beskerme wurde.

By it toanielstik Kneppelfreed waard de taskôger der fyntsjes op wiisd dat der sprake is fan tsjinstridigens as jo as rjochter yn jins toga nei Poalen geane om te protestearjen, wylst der yn jins eigen lân ek grûnrjochten skeind wurde.

Ik wie sels tsjûge fan krityske lûden oangeande dy grûnrjochten by in sitting fan de Rie fan Europa op 5 oktober yn Boedapest, dêr't njonken Gaugazen út Moldaavje, etnyske Roemenen út Oekraïne en etnyske Hongaren út Transsylvaanje ek etnyske Friezen harren soargen uteren oer it ûnfoldwaande neilibjen fan harren taalrjochten.

Krekt dêr stiket it. De praktyk fan de Fryske taalrjochten stiet heaksk op alle bepalings op papier. Sa binne, troch it belied fan it ministearje fan Feiligens en Justysje, de fergoedings fan tolken en oersetters sa min dat der gjin Fryske tolken mear beskikber binne om dy taalrjochten te garandearjen.

Fierder hat de FNP op 15 novimber lêstlyn de ministers Grapperhaus en Dekker yn fersom steld foar it net op 'e tiid yngean litten fan it nije kêst 14 fan de Wet gebrûk Fryske taal, dat al sûnt 1 jannewaris 2014 fan krêft is. In nij rapport fan de Rie fan Europa oer it neilibjen fan de Fryske taalrjochten sil nei ferwachting ek wer nuten kreakje.

En dat wylst de posysje fan it Frysk no al soarchlik is. Hoewol't it wol de twadde rykstaal is, stiet der gjin wurd Frysk yn it Nederlânske paspoart, in flagrant skeinen fan kêt 1 fan de Grûnwet. De wurden Keninkryk fan 'e Nederlannen steane ommers wol yn it Estsk yn it paspoart, in taal dy't noch troch gjin 0,2 prosint fan befolking yn 'e Europeeske Uny sprutsen wurdt. Plysje-auto's en plysje-unifoarms binne ek ientalich yn Fryslân, der steane sels gjin Frysktalige buorden op de gevel fan de rjochtbank. De rjochtbank brûkt ek gjin twatalige stimpels.

Eins is der sadwaande 70 jier nei Kneppelfreed net folle te fieren foar it Frysk.

Gabor Landman Publisearre in de Linguaan fan it NGTV van 24 desimber 2021

